

ytst alle dagen bargefleis
 dan krijsto nei in jier as seis
 in krultsje yn 'e sturt
 as't net noch slimmer wurdt
 moatst altyd der foar soargje
 noait ris grieme, noait ris bargje
 moatst dyn helder lûd bewarje
 noait ris snuve, noait ris gnoarje
 want oars stiest al gau bekend
 as dy baarch fan in fint

*ja, it wurdt al gau fergetten
 dat dy aaiwiten en fetten
 wetter, moal, de boustof is
 dêrsto as mins út makke bist
 hoe't in minske dus ek hyt
 hy wurdt boud út wat er yt*

guon minsken, ja in hiele soad
 dy ite graach in pikepoat
 mei skerpe saus der op
 of hinnefleis yn't sop
 kip-nuggets oan in stokje
 en mar keakelje en tokje
 en nei trije seane aaien
 is't gjin laitsjen mear mar kraaien
 en it praten hâldt net op
 't bin krekt hinnen sûnder kop

ik begjin mar net oan fleis
 gjin hinnen, bargaen troch myn maïs
 mar grientesop en brij
 in leppel sjerp der by
 en koeke fol mei snipels
 grientetaart mei prei en sipels
 pûltsjes, blomkoal, griene earten
 en ik yt in bult tusearten
 dus sille jim wol tinke: wat
 in nuver snijbeantsje is dat!